

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Takomst Fryske Akademy
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	Nei oanlieding fan it ûnderskriuwen fan de nije BFTK (Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer) op 30 novimber 2018 en de passazje oer de Fryske Akademy dêryn <sup>1</sup> , hat de FNP-fraksje de neikommende fragen oer de ynset fan it Kolleezje:
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Is it Kolleezje fan DS fan doel en set foar de takomst yn op de Fryske Akademy as in folweardich en robúst wittenskiplik ynstitút, dat as ynstelling ûnder it ynstitúts- en ûndersyksbestel fan de KNAW-flagge operearjen bliuwt? Mei oare wurden, dat gjin sprake wêze sil fan in devaluaasje fan de status fan it ynstitút, mar dat sprake bliuwt fan represintabiliteit neffens (minimaal deselde) hege wittenskiplike noarmen?</li><li>2. Is it Kolleezje yn dat ferbân ek fan doel om yn te setten op it kontinuearjen (ek ynhâldlik) fan de saneamde 'learringsoerienkomst', om oan de iene kant in adekwate finansieringsstream fan sawol Ryk as provinsje te bewurkmasterjen, as oan de oare kant ek sizzenkip te hawwen oer de (selsstannige) takomst fan de Akademy?</li><li>3. Wat sil de ynstek fan it Kolleezje fan DS wêze om te waarboargjen dat de finansjele posysje fan de Akademy foar no en yn de takomst solide wêze sil? As dat nedich is, binne jim ree om dêr de Akademy by te skewielen?</li></ol>
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Corlienke de Jong
Datum	6-2-2019

<sup>1</sup> 'Feroarings yn de aard fan de ferbining komme yn 'e simmer fan 2019 troch de KNAW en de Fryske Akademy ta stân yn oerienstimming mei de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en de provinsje Fryslân. De provinsje sil dêr de útkomsten fan de gateway review by behelje. Ynspanning: Ryk/provinsje